MEMO

Menaam : 21 februari 2017

Aan : De gemeenteraad

Van : J. Cijntje

Onderwerp : **Subsidie WOM**

In juni 2015 hebben wij, gehoord de gemeenteraad, zich voorgenomen om de subsidie aan de WOM per 1-1-2016 te beëindigen. Hierop heeft de WOM een brief aan de gemeenteraad gezonden welke de gemeenteraad op 15 oktober 2015 voor kennisgeving heeft aangenomen. Bij de behandeling van de begroting 2016 heeft de gemeenteraad een motie aangenomen waarin de raad ons opdraagt om de subsidiëring en de faciliteiten aan de WOM met ingang van 1-1-2016 te continueren als aanvulling op de opbrengst van de jaarlijks te houden collecte in de gemeente Menameradiel.

De WOM heeft per brief van oktober 2016 aangegeven onzeker te zijn of zij een collecte zouden kunnen houden in 2017. De brief is nader toegelicht in een gesprek met portefeuillehouder A. Dijkstra op 10 november 2016. Tijdens dit gesprek heeft de WOM aangegeven niet voornemens te zijn om een collecte te houden.

Op 13 december 2016 hebben wij besloten om, gelet op de motie, de subsidieaanvraag van de WOM af te wijzen. De faciliteiten voor de WOM worden in 2017 in stand gehouden. Daarnaast hebben wij besloten om het initiatief om Fairtrade gemeente te worden voor te leggen aan de nieuwe gemeente Waadhoeke. De gemeenteraad heeft op 26 januari 2017 kennis genomen van dit collegebesluit.

De WOM heeft bezwaar aangetekend tegen ons besluit. Ten behoeve van een hoorzitting van de bezwaarschriften commissie is een procesdossier samengesteld en hebben wij een verweerschrift vastgesteld. Bij brief van 17 februari 2017 heeft de WOM haar bezwaarschrift ingetrokken en ons verzocht om het procesdossier ter kennis te brengen van de gemeenteraad. Met deze korte toelichting voldoen wij aan dit verzoek van de WOM. In de bijlagen treft u het procesdossier.

Wij vertrouwen erop u voldoende te hebben geïnformeerd.

College van Burgemeester en Wethouders Menameradiel

WOM

WERKGROEP ONTWIKKELINGSSAMENWERKING
MENAMERADIEL

Blessum, 17-02-2017

Achte boargemaster, wethâlders en riedsleden fan Menameradiel.

Troch ús ûnwennigens mei prosedures binne wy belâne yn in beswierskrift-prosedure n.o.f. it útstel fan B en W dat de WOM net stipe wurdt mei in bydrage fan € 908,- foar 2017.
De motivaasje: gjin kollekte, gjin finânsjele stipe fan de gemeente is, nimme wy oan, elts fan jimme bekind.

Us doel wie om nochris in lêste kâns te nimmen om dúdlik te meitsjen dat de gemeente (yn ús eagen) net korrekt omgiet mei de yn it ferline taseine stipe oan de troch Menameradiel initiearre STICHTING WOM.

Ek de doelstellingen fan de yn 1978 oprjochte, doe gemeentelike wurkgroep, woenen wy nochris nei foaren bringe.

Wy freegje nochris jimme oandacht foar de wize fan wurkjen fan de WOM en wolle dy, mochten ús reaksjes op papier net dúdlik genôch wêze, graach persoanlik taljochtsje.

Wy ha besluten prosedure mei in ûnôfhinklike kommisje fan bûten de gemeente net troch te setten.
Mei achting foar de demokratyske regels dy 't wy lokkich genôch yn ús lân hawwe, ha wy besluten dat wy op dizze wize net ús gelyk helje wolle.
Wy fine net dat it sa fier komme moat mei Menameradiel en it wurkjen oan mear belutsenheid fan har ynwenners by de problematyk fan earm en ryk yn 'e wrâld.

Mei groetnis,
benijd nei in reaksje,

foar de leden fan de WOM,
Yde Faas (skriuwer)

NB
Wy nimme oan dat ek de riedsleden it komplete, mei soarch troch frou A. Hornstra gearstalde, pakket ferslaggen en reaksjes foar de 'hoorzitting' ynsjoen hawwe.

Jessy Cijntje

gemeente
Menameradiel

goed foarelkoar

Commissie bezwaarschriften gemeente Menameradiel

Het college van burgemeester en
wethouders van Menameradiel
Postbus 3
9036 ZW MENAAM

Menaam	:	3 februari 2017
Verzonden	:	3 februari 2017
Uw brief	:	
Behandeld door	:	A. Hornstra
Doorkiesnummer	:	
Onderwerp	:	uitnodiging hoorzitting
Bijlage(n)	:	1

Geacht college,

Hierbij nodig ik u uit voor de hoorzitting van de commissie bezwaarschriften gemeente Menameradiel, die zal plaatsvinden op **donderdag 23 februari 2017 om 16:30 uur** in het (gerestaureerde) gemeentehuis, Dyksterbuorren 33 in Menaam.

De agenda ziet er als volgt:

16:30 uur Het bezwaarschrift van Stichting WOM. Het bezwaarschrift is gericht tegen het besluit van het college betreffende het afwijzien van het verzoek om subsidie voor 2017.

De op de bezwaarschriften betrekking hebbende stukken, zijn in het bezit van mevrouw J. Cijntje.

Hoogachtend,

de voorzitter van de commissie bezwaarschriften,

i/o Hornstra

drs. H. Schukking

INVENTARISLIJST

Bezwaarschrift van Stichting WOM.

Het bezwaarschrift is gericht tegen het besluit van het college van burgemeester en wethouders van 13 december 2016, verzonden op 15 december 2016 betreffende het afwijzen van de subsidieaanvraag voor 2017.

1. Motie Raad 12 november 2015 + verslag van de Raad
2. Aanvraag subsidie 2017
3. Gespreksverslag overleg november 2016 + brief WOM
4. Collegeadvies + bestreden besluit
5. Bezwaarschrift d.d. 15 januari 2017
6. Verweerschrift van de gemeente Menameradiel

Motie bij de begroting 2016 van de gemeente Menameradiel, in de vergadering van de gemeenteraad op 12 november 2015.

Gezien:

-het feit dat het College besloten heeft de subsidie en de bestaande faciliteiten aan de Stichting Werkgroep Ontwikkelingshulp Menaldumadeel stop te zetten met ingang van 1.1.2016

Overwegende dat:

- wij van mening zijn dat de subsidie en faciliteiten moeten blijven bestaan onder de voorwaarde dat jaarlijks een collecte in onze gemeente wordt gehouden
- de collecte onze inwoners de mogelijkheid geeft financieel te participeren in de doelstelling van de werkgroep
- onze inwoners het draagvlak dienen te vormen voor de werkgroep

Draagt het College op:

De subsidiering en faciliteiten aan de werkgroep met ingang van 1.1.2016 te continueren als aanvulling op de opbrengst van de jaarlijks te houden collecte in onze gemeente.

En gaan over tot de orde van de dag.

Namens de fracties van:
Gemeentebelangen Menaldumadeel
C.D.A.

BESLUTELIST FAN DE GEARKOMSTE FAN DE RIE FAN MENAMERADIEL
Tongersdei 12 novimber 2015

Oanwêzich

Foarsitter	:	de hear T. van Mourik
Griffier	:	mefrou W. Bruinsma
P.v.d.A.	:	de hearen T. Cuperus en J.C.L.M. van der Lubbe
F.N.P.	:	de hearen H.F. Sinnema en H. Hoekstra en mefrou S. Tijsma
GroenLinks	:	de hear J. Harms
C.D.A.	:	de hearen A. Osinga, J.J. Zijlstra en J. Eijzenga
Gemeentebelangen	:	de hearen W. Roersma, P. Kingma, P. Drost en K. Arendz en mefrou A.M. Mast
V.V.D.	:	de hear A. Magré
Kolleezje	:	wethâlders L. Pen en A. Dijkstra
Mei kundskip ôfwêzich	:	-

1. Iepening en meidielingen
Foarsitter iepenet de gearkomste om 20.00 oere mei in hertlik wolkom. Elk is oanwêzich.

2. Fêststelle fyzje ta oansjen fan partisipaasje
Mefrou Mast (GB) seit dat earder tasein is dat der mar ien beneaming foar it 'rustbestand' brûkt wurde soe. No steane der dochs wer twa beneamingen yn.
Foarsitter seit dat it oanpast wurdt.
De hear Cuperus (PvdA) fynt it in goed stik wêr't de fraksje wol mei út'e fuotten kin.
De hear Magré (VVD) is ek te sprekken oer de wurkwize, dat der ûntank ferskillende mieningen dochs ienriedichheid wie.
Mefrou Tijsma (FNP) slút oan by foargeande sprekkers.

De wurklist wurdt fêststeld.

3. Ferkenning finansjele posysje Frjentsjerteradiel, It Bildt, Menameradiel en Littenseradiel
De hear Hoekstra (FNP) hat soargen oer de grûnposysje fan Frjentsjerteradiel en op termyn oer Schatzenburg. Frjentsteradiel moat noch in tekoart fan in miljoen fuortwurkje, dêr hat de fraksje wol soargen oer.
De hear Drost (GB) seit dat de gemeente noch wol in soad plannen hat, dêrfoar wurde faaks de reserves noch oanbrutsen.
De hear Osinga (CDA) tinkt dat pas op 1 jannewaris 2018 alles dúdlik is, mar it útstel dat no foarleit nimt de fraksje foar kundskip oan.
De hear Van der Lubbe (PvdA) seit dat yn it sosjale domein de grutte útdagingen lizze, want dêr komt minder jild foar beskikber. It falt op dat de útjeften foar elke ynwenner foar alle gemeenten heger binne as yn fergelykbere gemeenten. Dat biedt kânsen foar besparringen. Yn Frjentserteradiel lizze de grutste risiko's, mar dat komt ek om't it grutter plak is, mei in sintrumfunksje. PvdA nimt it stik foar kundskip oan.

De hear Magré (VVD) seit dat der noch 9 miljoen ekstra is om tekoarten op te fangen, dat is moai. Boppedat sille de riedsleden fan de nije gemeente de fusybegrutting ek wer oars besjen, dêrtroch kin it úteinlik noch wer oars útfalle.
De hear Harms (GL) seit dat der aansten 1,36 miljoen euro minder binnen komt. Dêr komme besunigingen oerhinne. Dat moat opfong wurde troch skaalfergrutting, mar dat komt net goed genôch yn it stik nei foaren. De finansjele effekten moatte dúdliker omskreaun wurde.
Wethâlder Pen kin dat noch net dwaan. Dat wurdt ek noch in hiele útdaging. Mar dizze fúzje is net ynset om te besparjen, it giet der ek om dat dizze gemeente der yn formaat om docht yn de provinsje. Oer de grûnposysje fan Frjentserteadiel rint noch in rjochtsaak, dat soe it foar in part oplosse. It sosjale domein wurdt yndied ûnwis, mar dat is no eins net oars, de ûnderfining moat noch opdien wurde.
Foarsitter konkludearret dat de rie it stik foar kundskip oannimt.

4. Weryndielingsûntwerp
De hear Drost (GB) fynt it in goed stik.
De hear Hoekstra (FNP) slút dêrby oan, de weryndieling is ynset om mear bestjoerlike krêft te krijen, en minder mienskiplike regelingen. Ek kin in grutte gemeente mear spesjalisten yn hûs ha. Fraksje hat twa oandachtspunten. 1) Doarpen eastlik yn de gemeente; dy meie harren noch útsprekke oer by hokker gemeente se wolle, faaks kin dat by de ferkiezingen meinaam wurde. 2) Taalbelied; ferplichtingen út nije Fryske taalwet freegje om mear oandacht foar de taal, dat soe wat fierder útwurke wurde kinne.
De hear Osinga (CDA) seit dat de rie earder besluten hat dat de eastlike doarpen nei 1 jannewaris 2018 frege wurdt wat se wolle.
De hear Hoekstra (FNP) begrypt dat, mar it is effisjinter en goedkeaper om it al by de ferkiezingen te dwaan. It is ek handiger foar de riedsleden, as der riedsleden út de rúnedoarpen komme dy't letter by Ljouwert hearre, dan fine der al gau ferskowingen yn de rie plak.
De hear Drost (GB) begrypt dy praktyske beswieren, mar tinkt dat it hjir net op syn plak is. Boppedat moatte ynwenners har hjiroer hearre litte.
De hear Van der Lubbe (PvdA) seit dat de gemeente hieltyd mear taken yn it sosjale domein ûnderbringt. It sosjale domein wurdt dêrmei ek in hieltyd grutter part fan de begrutting. As de nije gemeente grut genôch is, is in mienskiplike regeling net mear nedich en kin de gemeente it wurk sels wer oppakke. Grut oandachtspunt fynt PvdA it draachflak foar de fúzje. Ynwenners hat earder sein dat se it wichtich fine dat de gemeente tichtby bliuwt. Oer de eastlike doarpen: de mooglike grinskorreksjes steane no as 'evaluaasje' yn it weryndielingsuntwerp, dat kin neffens PvdA wol wat konkreter omskreaun wurde. Dochs wurdt it úteinlike beslút yn de nije rie naam. It soe wol moai wêze as bewenners fan de eastlike doarpen aansten sjenswizen yntsjinje. Foar't PvdA yn april posityf stimt, moat dúdlik wêze hoe't de nije rie kontrolearje kin en ramten stelle kin yn de taken binnen it sosjale domein.
De hear Magré (VVD) fynt it in hiel folslein en goed stik.
De hear Harms (GL) soe de beslútfoarming leaver útstelle, mar dat kin net. De fraksje hat lykas PvdA grutte soargen oer ûnder oaren de finansjele saken, mar it is gjin brekpunt. Der moat noch in soad barre, wol GL yn april posityf stimme.
Foarsitter konkludearret dat PvdA en GL swiere betingsten oer dit útstel ha, mar it wol op besjen lizze wolle sa't der sjenswizen binnen komme kinne. De foarsitter ferwachtet bygelyks ek sjenswizen op taal, dy kinne oanlieding wêze om it op'e nij te besjen. Oangeande de grinskorreksje; Op fersyk fan Ljouwert soe it beslút oer de grinsdoarpen nei de weryndieling naam wurde. It útstel fan FNP is wol goed betocht. Wethâlders en boargemaster binne by de grinsdoarpen del west. Foar dy doarpen feroaret noch sa'n soad, dat it ek better is om oant 2018 te wachtsjen, dan kinne de bewenners in better beslút nimme. De passaazje oer de grinsdoarpen kin feroare wurde, mar dêr moatte dan wol alle rieden mei ynstimme kinne. De foarsitter kin no tasizze dat de rânedoarpen oan de eastkant takomt wat earder beloofd is.

Foarsitter seit yn de rin fan de gearkomste dat Littenseradiel en Frjentsjertadiel unanym ynstimd ha. Yn it Bildt binne 4 tsjinstimmen.

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

5. Neijiersnota 2015

De hear Van der Lubbe (PvdA) lêst oer in wurkgroep planning en kontrol, kin dy frege wurde om mei in goed ynstrumint te kommen wêrmei't de nije rie yn de rin fan it jier bystjoere kin?
De hear Osinga (CDA) seit dat der in lyts tekoart is en giet derfan út dat it yn de lêste wiken fan dit jier net bot oprinne sil. It kin ek noch in posityf resultaat wurde as insidintele ynkomsten der noch by komme. De fraksje slút by PvdA oan, no noch bystjoere op belied dat kin hast net, mar it jout wol in goed ynsicht yn de sifers. De fraksje stimt yn.
De hear Sinnema (FNP) falt twa saken noch op, berne-opfanginspeksje en bestimmingsplan Deinum. De fraksje wachtet oangeande dat lêste noch op in antwurd, mar it is hoe dan ek te let om noch by te stjoeren. FNP ferwachtet dat it resultaat oan it ein fan dit jier posityf is.
De hear Drost (GB) is it iens mei de opmerking fan PvdA oer it sjen nei in alternatyf foar dizze nota.
De hear Magré (VVD) seit dat der yn de lêste wiken noch fan alles barre kin, mar de fraksje tinkt dat it jier wol posityf ôfsluten wurdt.
Wethâlder Pen seit dat de wurkgroep planning en kontrol de opdracht al krigen hat. Der komme noch insidintele ynkomsten by, mar alle gemeenten moatte noch wol ôfwachtsje hoe't de desintralisaasjes útpakke. Oer bestimmingsplan Deinum: de kosten wurde noch oerboekt nei de eksploitaasje fan de wenten. Programma 1 falt no heech ut troch de kosten fan de ferhuzing fan ict nei Ljouwert.
Wethâlder Dijkstra oer de berne-opfang; de stikken binne tastjoerd, mar net oankaam. Der sil yn de takomst reëler begrutte wurde om sokke tsijnfallers te foarkommen.

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

6. Fêststelling programbegrutting 2016 ynklusyf list fan ynvestearringen 2016 en mearjierrerûzing 2016-2019

De hear Osinga (CDA) seit dat de programbegrutting in posityf byld fan de finansjele situaasje fan de gemeente sjen lit. Dat is de winst fan it ferline, dêrtroch binne der no net in soad grutte ynvestearringen nedich. De fraksje tsjinnet mei út namme fan GB, FNP, GL en PvdA in moasje yn oer de WOM. De WOM is yn de gemeente opset en it wurk wurdt tige wurdearre. Dat ek de boargers by de WOM belutsen binne, blykt wol út de kollekten fan de ôfrûne jierren. It trochsetten fan dy kollekte is in betingst foar it behâlden fan de subsydzje.
De hear Drost (GB) is bliid mei de positive begrutting en dat it positive byld trochset nei de kommende jierren. De kosten foar juridyske bystân rinne hieltyd heger op, faaks is it better om dizze post heger te rûzen, oars moat der oan it ein fan it jier jild by. Nei programma 2 moat noch ris sjoen wurde, de Veiligheidsregio moat wol betelber bliuwe. It GVVP is op oarder, al binne der yn it bûtengebiet wol wat ekstra linen op de dyk noadich. De lokale ekonomy kin stimulearre wurde op it bedriuweterrein fan Dronryp. Dat is tige wichtich, want mear bedriuwen betsjut mear wurk en ek mear wenten. Oer programma 5) Soargen oer de skoallen yn Bitgummole, transparânsje is hjir wichtich, lykas tidige ynformaasje. Oer programma 6) Der moat noch in beslút naam wurde oer MFC Belrtsum en Menaam, faaks kin dat út de reserve, want de hiele reserve hoecht net oer nei de nije gemeente. De fraksje is bliid mei de tasizzing dat der faaks in pilot op Schatzenburg komt mei sinne-enerzjy. Dat helpt de sportferieningen en makket de gemeente duorsumer. GB is tefreden mei de kommisje sosjaal domein, dêr kin in soad regele en besprutsen wurde. De fraksje stipet de moasje fan CDA. GB tsjinnet dêrneist in moasje yn oer Tûmba. De fraksje is it net iens mei de aksje fan Tûmba dy't de swarte-pieten-diskusje op skoallen iepenje wol. De gemeente is opdrachtjouwer fan Tûmba en GB fynt net dat se it jild oan sokke kampanjes útjaan moatte.

De hear Harms (GL) seit dat der grutte stappen naam wurde moatte om klimaatferoaringen tsjin te gean. Gearwurking, ambysje en urginsje binne hjiryn kearnpunten, seit ek de minister presidint. It moat oars, mar dat mist yn de programbegrutting en mearjierrerûzing. GL tsjinnet in moasje yn mei FNP en PvdA oer it skjinwetterprojekt yn Mozambique. De gemeenten is hartstikke ryk yn fergelyk ta de minsken dy't gebrûk meitsje fan it skjinwetterprojekt yn Afrika. Troch dit projekt binne by 140 basisskoallen toiletten delset, dat is wichtich om't bern dêr noch altyd stjerre oan diarree. Dizze moasje en dy oer de WOM freegje om 0,016% fan de totale begrutting. Dat is helder en it resultaat ek. In grut kontrast mei de útjefte oan it swimbad. Dat giet hieltyd mear kostjen, wylst it kolleezje gjin begrutting en gjin jierrekken kriget. Hoe kin de rie sa har wetlike taak útfiere? Yn 3 jier giet der 127.500 euro nei in partikulier, kommersjeel bedriuw. As dit bliuwt, kin GL net ynstimme.
De hear Sinnema (FNP) fynt de programmabegrutting in goeie útgongsposysje, ek foar de kommende jierren. Der sit net in soad ambysje yn, dat komt foar in part ek troch de fúzje. Mar der moatte net tefolle saken wachtsje op de fúzje. De FNP is bliid mei it ferbinen fan blokjes om. De snelheid kin op guon diken (Berltsum-Ried bygelyks) wol omheech. It is noch net bekend oft der genôch jild is foar grien op guon plakken. Dat is nuver, want op guon plakken is der in ferplichting om foar dat grien te soargen (bedriuweterrein Menaam). FNP stipet de moasje oer Tûmba. FNP fynt it moai dat it makliker wurdt om subsydzje oan te freegjen. De fraksje mist de nije taalnota Frysk yn de stikken. Der wurdt noch hieltyd oer de âlde nota sprutsen, wylst der in provinsjale nota oankomt, is der jild foar frij makke? Ek oan it gemeentlik monumintebeleid wurdt no neat dien, mar wachtsje op de fúzje kin net op alle mêden. De fraksje mist yn de begrutting oandacht foar grutte rinnende yntsjinne projekten, lykas mfc en Buorren yn Berltsum, doarpshûs en sporthal Deinum en doarpshûs Menaam. Oer programma 8) FNP stipet de moasje oer de WOM, se leverje goed wurk en binne eartiids troch de gemeente opset. De kollekten moatte bliuwe. Oer programma 9) It kolleezje moat faasje meitsje mei griene enerzjy, troch bygelyks sinnepanielen op iepenbiere gebouwen. Fierder moat de wethâlder de kosten fan de Fumo goed yn de gaten hâlde. Oer programma 10) De eigeners fan rotte kiezzen yn de doarpen moatte persoanlik oansprutsen wurde sa't ek yn it koalysje-akkoard stiet. Fierder moat sjoen wurde nei boukânsen op iepen plakken yn de doarpen. Oer de list fan ynvestearringen: dy is noch nea sa koart west, mar dat komt ek om't de gemeente der goed by stiet. FNP komplimintearret kolleezje en amtners mei de finansjele sifers en de útlis.
De hear Van der Lubbe (PvdA) fynt it in goeie ûntwikkeling dat de lokale lêsten itselde bliuwe. Yn de krante stie dat Menameradiel yn Fryslân de leechste ryksbydrage de ynwenner kriget. Hoe kin dat en kin it ek oars? Oer programma 1) Middelsé wurdt ôfboud en de nije organisaasje wurdt opboud, hoe giet dat? Oer programma 3) Goed dat der nei de ferkearsbuorden sjoen wurdt. Oer programma 4) Is der al in planning, fyzje of gearwurking mei fuzypartners op it mêd fan ynnovaasjes oangeande enerzjy fan út it bedriuwslibben? Oer programma 5) Wat is de stân fan saken by de Otto Clant-skoalle? En wurdt der al sjoen nei it yn inoar skowen fan de underwiisfisy fan de fusypartners? Oer programma 6) Der binne in soad ferieningen mei in soad frijwilligers. Dy moatte stipe wurde. De frijwilligers fan de WOM wurde stipe as de moasje oannaam wurdt. Sa sjocht de PvdA dizze moasje, gjin stipe foar ûntwikkelingswurk, mar foar frijwilligers. Oer programma 7) It doel en de wurkwize wurde wol beskreaun, mar de gemeente is hjiryn ôfhinklik fan de Tsjinst. De kommisje sosjaal domein kin der better en tichter op sitte, kin de kommisje breder ynset wurde yn Nij Westergo-ferbân? Oer programma 9) Op side 9 stiet in flaterke, it giet hjir om de doelstellingen foar de produksje fan duorsume enerzjy yn 2020, net om it gebrûk. En wannear komt der in beliedsnota oer duorsumens? Programma 10) Kin de wenfyzje mei de fuzypartners aktualisearre wurde? PvdA stipet moasje GL. Moasje GB stipet PvdA net.
De hear Magré (VVD) is bliid mei it oerskot, dêrtroch wurde de lêsten net ferhege en dat is hiel moai. De juridyske kosten rinne bot om, dêr hat de fraksje wol soargen oer. VVD is bliid dat de Boa's los geane. Op de gearwurking tusken de skoallen mei wol wat mear druk. Ek de rotte kiezzen freegje om in aktive hâlding. De needsaak fan de haven yn Menaam sjocht VVD noch net sa, dy fan de helling yn Dronryp wol. Yn de strategy fan de programma's moat ek fêst rekken hâlden wurde mei de oare gemeenten. Oer de moasje oer de WOM; it

kolleezje stelt út om de subsydzje stop te setten, dan is it nuver dat de kollezjepartijen mei dizze moasje komme. Untwikkelingshelp moat troch it ryk regele wurde, dêrom sil VVD net ynstimme mei de moasjes oer de WOM en skjin wetter. VVD stipet de moasje fan GB.
Wethâlder Pen seit dat it bouwen yn Berltsum oer de winter hinne tilt wurdt. Oer it grien: de grienkommisje fan Berltsum wurdt útnoadige om al it grien, ek dat oan de Hemmemawei te besprekken. Oer de Fumo: it wurdt yn de gaten holden en der wurdt altyd sjoen oft de gemeente saken sels goedkeaper dwaan kin. Oer de rotte kiezzen: it is dreech, mar der moatte meters makke wurde. Oer ryksbydrage: Menameradiel kriget it minste út it gemeentefûns, hoe't dat komt wurdt útsocht. Oer duorsumens: Der wurde wol saken oppakt, bygelyks ek it útstel fan GB foar in proef op Schatzenburg.
De hear Harms (GL) neamt it foarbyld op side 227, dê stiet dat it bedrach foar it stimulearjen fan lokale klimaatsinisjativen allinnich mar heger wurdt troch rinte. Dêr bart net in soad.
Wethâlder Pen seit dat mei dy post neat dien is, mar oare saken binne wol oanpakt. Mar foar de fuzy moat sjoen wurde wat der yn de gemeente mei dien wurde kin. Oer it aktualisearjen fan de wenfisy wurdt al praat mei de fuzypartners. It is yndied moai dat de lêsten dit jier net ferhege wurde. Oangeande de kosten foar juridyske saken wurdt sjoen oft der aksje nedich is. It kolleezje ûntriedt de moasje skjin wetter, diels om't der al in soad gemeenten ôfheakje.
Wethâlder Dijkstra oer de skoallen yn Bitgummole: de stjoergroep is it iens, ein novimber komt der in foarljochting foar direkteuren en meiwurkers. Yn desimber komt der in foarljochting foar de âlders. De plannen foar it mfc yn Berltsum komme dit jier noch nei de rie ta, dy fan it mfc yn Menaam duorje noch even. Subsydzje oanfreegje wurdt makliker, ek dêroer komt in útstel nei de rie ta. Oer Otto Clant; it foech leit by Fier. De underwiisfisy is earder mei in pear gemeente makke, der wurdt ynkoarten ek oerlein mei Frjentsjerteradiel om ôf te stimmen. Oer de kommisje sosjaal domein, sil mei It Bildt en Frjentsjeradiel oerlein wurde oer mooglikheden om dizze kommisje breder yn te setten. Fansels kinne de fraksjes it sels ek besprekke mei de fraksjes út de oare gemeenten. Oer it gearwurkjen fan skoallen: it kolleezje is foar, mar âlders en bestjoeren moatte it sels dwaan. Oer de haven yn Menaam: it is der no te krap, it soe better wêze as de boaten yn de Feart in oar plakje fine kinne. It kolleezje stipet de moasje oer de WOM.
Foarsitter oer digitalisearjen fuzypartners: der wurdt hurd oan wurke mei ûnder oaren trainingen. De ôfbou fan Middelsee ferrint ek goed. De finansjele kontrôle en oanstjoeren fan de Veiligheidsregio bliuwt spannend, mar iderien sit der goed boppe op. De foarsitter fynt it gjin probleem om de krityske lûden nei Tûmba oer te bringen as de moasje oannaam wurdt.
De hear Harms (GL) sil de moasje oer Tûmba net stypje. Oangeande de moasje skjin wetter is GL it net mei VVD iens, je kinne ferantwurdlikens net ôfskowe nei it ryk, want dy skood it troch nei Europa en dy seit dat it yn de regio oplost wurde moat. Sa wurdt it grutte probleem net oplost. Gemeente moat foar sa'n lyts bedrach net bûten de boat stappe.
De hear Osinga (CDA) stipet de moasje Tûmba, de organisaasje moat har dwaande hâlde mei wiere diskriminaasjekwestjes yn it lân. Oer moasje GL: help oan fiere neisten is wichtich, mar as de provinsje it op termyn ôfskood, kin it better oanmelden wurde by it ryk, faaks is dêr noch in lyts potsje oer. Dêrom sil fraksje de moasje net stypje,
De hear Drost (GB) slút by CDA oan oangeande de moasje skjin wetter.
De hear Van der Lubbe (PvdA) stimt yn mei de programmabegrutting. Oangeande de moasje oer Tûmba; it stiet skoallen frij om hjiroan mei te dwaan. Dizze diskusje kin op skoallen fierd wurde, net yn de rie.
De hear Drost (GB) tinkt dat de problematyk mei âlders besprutsen wurde moat, no wurdt oan âlders en gemeente foarby gong.
Wethâlder Pen seit dat as de gemeente it swimbad iepen hâlde wol, der in deal sluten wurde moast, dy deal is makke. It eardere beslút is ferwurke yn dizze begrutting.

Beslútfoarming
Moasje WOM
Foar: GL, FNP, GB, PvdA en CDA
Tsjin: VVD
Moasje is oannaam

Moasje Tûmba
Tsjin: PvdA en GL
Foar: FNP, VVD, GB en CDA
Moasje is oannaam

Moasje skjin wetter
Tsjin: VVD, CDA en GB
Foar: FNP, PvdA en GL
Moasje is ferwurpen

Begrutting:
GL kin net ynstimme mei it part oer Swimbad Schatzenburg.
Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

Foarsitter slút de gearkomste om 22.20 oere.

Griffier,

W. Bruinsma

Foarsitter,

T. Van Mourik

Beh.
8402 / jgnt
17 AUG. 2016
17/08/2016
M16.100456

WOM
WERKGROEP ONTWIKKELINGSSAMENWERKING
MENAMERADIEL

Blessum, july 2016

Subsydzjefersyk WOM

Boargemaster en wethâlders fan de gemeente Menameradiel,
Menaam.

Achte kolleezje,

Hjirby freegje wy as Stichting Werkgroep Ontwikkelingssamenwerking Menameradiel foar it jier 2017 subsydzje oan om troch wurkjen te kinnen oan de realisaasje fan in freonliker wrâld foar al syn bewenners.

Wy besykje dat doel te berikken troch:

-de ynwenners fan de gemeente te belûken by in tal inisjativen op boppeneamd mêd wêr't wy mei dwaande binne. Yn'e kunde komme/bliuwe mei dizze problematyk sil ek liede moatte ta mear begrip foar en akseptaasje fan ferskillen yn ús wrâld. It lêste liket ús op alle nivo's tige wichtich yn dizze bot ûnrêstige en agressive wrâld

-it op ferantwurde wize ôfrûnjen fan in tal projekten opset yn de lêste jierren yn Roemenië, rjochte op it ferbetterjen fan de libbensomstannichheden fan de earme minsken op it plattelân dêr.
Yn oerlis mei ús Roemeenske adfiseur, de hear Attila Somogyi, wurdt op dit stuit besjoen oft de stipe op in oar plak trochset wurde sil of dat de ynset him beheine sil ta de noch rinnende projeckten.
Somogyi kriget foar syn wurk in 'echte' onkostefergoeding fan € 1200,- Wy binne bot te sprekken oer syn ynset, ynsjoch en belutsenens. Hy soarget der ek mei foar dat de projektdielnimmers harren lieningen werom betelje en harren ôfspraken neikomme.

-it stypjen yn brede sin fan inisjatieven yn de gemeente dy't passe yn de doelstelling fan de WOM, lykas de ferbouwing fan in mienskipshûs yn it doarp Sinmiclaus mei stipe fan de Menamer Wurkgroep.

-yn te spyljen op wat him op it mêd fan de grutte problematyk fan earm en ryk yn ús wrâld foardocht, passend by ús doelstelling en mooglikheden. Hjir kin benammen tocht wurde oan it stypjen fan de hannel yn Fair Trade produkten. De WOM wurket hjirby bygelyks op frijmerken gear mei de Wereldwinkel Het Bildt. De WOM soe yn in Fair Trade gemeente Menameradiel graach de taak fan 'Wurkgroep Fair Trade', ien fan de betinksten om dy titel te dragen, op har nimme wolle. Hjir is al in tal kearen oerlis oer west mei de germeente en de WOM wachtet op in (positive) reaksje.

-it fuortsetten fan oerlis mei oaren (wurkgroepen, Wereldwinkels, amtners) yn de gemeenten Franekeradeel, Het Bildt en Littenseradiel om te stimulearjen dat de nije fúzjy-gemeente Waadhoeke ek romte jout oan en ynset toant foar 'oandacht foar earm en ryk' yn 'e wrâld, dus û. o. ek Fair Trade gemeente wurde sil fan it begjin ôf..

-De WOM hâldt de ynwenners fan de gemeente op 'e hichte fan har doelen en aktiviteiten middels de doarpskranten, 'Ynformaasje' en de wepside fan Menameradiel. Sa 'n 120 kollektanten en oare frijwillige meiwurkers krije út en troch persoanlik ynformaasje.

Mei freonlike groetnis, út namme fan de wurkgroep,

Yde Faas skriuwer

WOM

WERKGROEP ONTWIKKELINGSSAMENWERKING
MENAMERADIEL

JAARVERSLAG 2015

Hat it wurk fan de WOM noch doel?
Hat it noch doel, heeft het nog zin, kleinschalige kontakten tussen bijvoorbeeld Menameradiel en het arme platteland van Roemenië? Ondanks het feit dat er de laatste jaren veel verandert en, dankzij en soms ondanks de grote Europese regelgeving en bureaucratie, veel verbetert in Roemenië, zien de leden van de WOM in de praktijk dat hun inzet leidt tot verbetering van de leefomstandigheden op het platteland in noord-west Roemenië.
Heeft het nog zin vroeg ook het gemeentebestuur zich af bij het zoeken naar mogelijke bezuinigingen voor 2016. De WOM heeft de gemeenteraad kunnen overtuigen van het nut van het werk van de WOM. Het gemeentebestuur, dat bijna 40 jaar geleden het initiatief nam de WOM op te richten, besloot haar steun in de vorm van een jaarlijkse subsidie van € 908 en het beschikbaar stellen van vergaderruimte en ruimte in het informatieblad 'Ynformaasje' en op de gemeentelijke website te continueren.
Voorwaarde is wel dat de WOM weer een collecte houdt. Een voorwaarde waarin de WOM zich goed kan vinden, omdat met het verstrekken van een aantal nieuwe leningen op voorstel van de heer Somogyi A. Atilla, WOM-adviseur in Roemenië, geld nodig is.
De WOM stelt zich ook voor bij te dragen in de bouw- en inrichtingskosten van een gemeenschapshuis in het dorp Sinmiclaus, dat al jaren wordt gesteund door de Menamer werkgroep met die naam. In dit 'huis voor het hele dorp' zal vooral aandacht zijn voor meer zorg aan bejaarden en de jongste jeugd.

Reisverslag WOM-delegatie naar Roemenië 16 august t/m 22 augustus 2015
De groep bestond uit: Tjibbe Rodenhuis, Jos Steggerda, Durk van der Schaaf en Anton Schrama.
Om een indruk te geven hieronder een deel van het verslag:
Zondagochtend zijn we met de auto vertrokken richting Roemenië. Na een goede reis kwamen we maandagavond 17 augustus aan in Baia Mare, waar we verwelkomd werden door Somogyi. Met Somogyi is het programma doorgesproken.

Dinsdag 18 augustus hebben we 's ochtends een ontmoeting gehad met Claudiu Frânc, directeur van de agrarische productenorganisatie APA en landbouw- en veeteeltvoorlichter. Met hem gesproken over het beleid van APA en over zijn visie op de Roemeense landbouw. Daarna is een bezoek gebracht aan de familie Buda. De familie Buda kweekt groenten (aubergines, tomaten en komkommers), die ze zelf inmaakt in glazen potten. Ook wordt er jam gemaakt. De producten worden geleverd aan een grootwinkelketen. Een mooi bedrijf.

's Middags zijn 3 boeren bezocht: Santa Ionut, Sasz Samu en Oniga Valer.
Santa Ionut is een jonge melkveehouder (28 jaar) met melkkoeien. Santa Ionut wil het melkveebedrijf graag uitbreiden en een nieuwe stal bouwen. We hebben hem geadviseerd in de bouw van de stal, om eventueel naast melkkoeien schapen te houden, om land bij te huren en om de koeien te verbeteren waardoor de melkproductie verhoogd kan worden.

Sasz Samu is een melkveehouder met een nieuw bedrijf met 35 melkkoeien en 35 kalveren. Een mooi bedrijf. Sasz Samu is inseminator, ook bij andere boeren.
